

OERPRINTSEL UT:

CO - FRISICA 3 (1987), 115-141

"Dei syllabisearring"



ISSN: 0920-3028


# CO-FRISICA

III

F.J. van der Kuip  
Poëzij: 1935-1941

R. Steenbeek  
Nammen yn de dialektgeografy

S. Dyk  
Oer syllabisearring



# CO-FRISICA

**Meidielingen út de universitêre frisistyk  
Mitteilungen aus dem Fach Friesische Philologie**

**Redaksje / Herausgeber:**

A. Feitsma (Amsterdam)  
H.D. Meijering (Amsterdam)  
B. Sjolín (Kiel)

**yn 'e mande mei / in Verbindung mit:**

A.M.J. Riemersma (Amsterdam)  
Tr. Riemersma (Amsterdam)  
W. Visser (Amsterdam)  
A.G.H. Walker (Kiel)  
O. Wilts (Kiel)

**Redaksjeskriuwer:**

A.M.J. Riemersma

Priis fan dit nûmer: / 20,-  
Preis dieses Heftes: DM 17,50

**Amsterdam:**  
Studzjerjochting Frysk Vrije Universiteit,  
Faculteit der Letteren,  
Postbus 7161,  
1007 MC Amsterdam

Studzjerjochting Frysk Universiteit van Amsterdam

**Kiel:**  
Fach Friesische Philologie,  
Christian-Albrechts-Universität,  
Olshausenstraße 40,  
D-2300 Kiel 1



**F.J. van der Kuip**  
**Poëzij: 1935-1941**

**R.Steenbeek**  
**Nammen yn de dialektgeografy**

**S. Dyk**  
**Oer syllabisearring**





Oersjoch fan de rige / Übersicht der Reihe:

- I A. IB      H.D. Meijering, Oudfriesse kronieken uit het handschrift  
Leeuwarden RA Schw. 3992
- II            Tr. Riemersma e.o., It Fryske folkstoaniel tusken 1881 en  
1890.
- III          F.J. van der Kuip, Poëzij: 1935-1941  
R. Steenbeek, Nammen yn de dialektgeografy  
S. Dyk, Oer syllabisearring
- IV          Anke Joldrichsen, Form, Stil und Motive nordfriesischer  
Märchen im Vergleich zu den entsprechenden Grimmschen  
Varianten



S. D Y K

O E R S Y L L A B I S E A R R I N G

## Oer syllabisearring

## YNHALD

Foarwurd	117
1. Ynljeding	118
2. Syllabisearring en syllabegrins	120
3. Assimilearring fan syllabyske <u>n</u>	124
4. Syllabisearring, nasalearring, assimilearring	126
5. Presisearring fan 'e syllabisearringsregel	127
6. Syllabisearring yn Tiersma (1979)	129
7. Noch in pear oare fonologyske regels	131
8. It hear oersjend	134

OER SYLLABISEARRING

**Foarwurd<sup>1</sup>**

Fan Tr. Riemersma syn Sylabysjerring, nazzeljerring, assymyljerring bekrûpten my by it lêzen fan it haadstik oer syllabisearring al gau gefoelens fan "is dit wol wier?", "moat dit no sa?", "????", en mear fan sokken. Men komt dan ek net faak sokke yngewikkelde regels en ynstruksjes tsjin yn 'e taalkundige literatuer. Se ynspirearren my om by mysels ris nei te gean hoe't yn myn idiolekt de saken der foar steane en om te sjen oft syllabisearring no werklik sa'n yngewikkelde beskriuwing noarich is. It risseltaat is dit artikel, wêrby't wol even oantekene wurde moat dat oan 'e wat apart steande syllabisearring yn wurd-sjes as in, inoar, en en net gjin oandacht jûn is.

It teoretyske ramt is sa likernôch dat fan 'e standert ginnerative fonology. Dat makket in ferliking mei Riemersma syn stúdzje makliker. Boppedat hie it foar my as foardiel dat ik der fan alle ramten it meast mei fertroud bin.

Yn it werjaan fan wat ûnderlizzende en wat oerflaktefoarms binne, haw ik sa op it each frij rûch west: ik haw formeel alle objektalige foarms op ien

---

<sup>1</sup>Wat no folget is de tekst fan in wurkstik dat ik yndertiid foar myn stúdzje Frysk oan 'e Vrije Universiteit te Amsterdam makke haw. It is ôfsletten yn oktober 1980. My is doe frege om it yn 'e Meidielings te publisearjen, wat him oant no (= jannewaris 1986) ta noch net wurden is. Gefolch is wol dat it deskriptive apparaat no wol wat ferâldere is. Benammen op it mêd fan 'e syllabeteory is yn dy tuskenlizzende jierren nochal it ien en oar bard. Winliken hie it stik dêr dus op neisjoen wurde moatten, mar earlik sein is it foar my ek noch mar de fraach hoefolle oft soks opsmite soe om't it giet yn dit artikel benammen om 'e syllabegrins. Boppedat haw ik begrepen dat immen op it oarspronklike stik reagearre wol, dat dan is it miskien ek wol aardich dat dat ek mar yn syn âlde foarm yn it ljocht jûn wurdt. Al is de tastân sa faaks net hielendal ideaal, de lêzer kin him treastgje mei it idee dat at de útjefte yndertiid net útsteld wie, hy no mei in like ferâldere stik tekst oanklaud siet.

Nettsjinsteande de hjir keazen oplossing haw ik dochs de frijichheid naam om op guon lytse punten it oarspronklike wurkstik te feroarjen. Ek is de twadde taheakke - in stik regelakrobatyk dat my eins noait net nei 't sin west hat - hjir weilitten, en boppedat haw ik it Frysk noch marris wat behoffene. Dat wie yn 1980 nammentlik noch beroerder as no. En fierders noch myn tank oan A. Feitsma foar in grut tal nuttige suggestjes. Ik haw der myn profyt fan hân.

### oer syllabisearring

bult smiten troch se allegearre inkeld te ûnderstreekjen. Ut 'e tekst wei wurdt (hoopje ik) wol dúdlik hoe't se ynterpretearre wurde moatte. Ik haw fierders hast alle fonologyske foarms werjûn yn 'e hjoeddeiske stavering. Ik nim oan dat dat foar de lêzer makliker te folgjen is as in transskripsje. It giet yn dit artikel ek net om 'e folsleine fonology fan it Frysk, mar om in hiel lyts partsje dêrfan: de syllabisearringsferskynsels.

#### 1. Ynlieding

It grutste part fan Tr. Riemersma syn boek Sylabysjerring, Nazzeljerring, Assymyljerring (Ljouwert, 1979) is wiid oan it earste fan 'e yn 'e titel neamde fonologyske ferskynsels. Wat jin by it lêzen fan dit part fuortendaliks opfalt is de yngewikkeldheid fan 'e beskriuwing fan dy syllabisearring. Ik hoech wat dat oanbelanget allinnich mar te ferwizen nei side 47, dy't hast hielendal brûkt is om 'e syllabisearring fan 'e n te notearjen, of nei de siden 86-87, dêr't tige komplekse ynstruksjes jûn wurde om 'e beregeling fan njonken elkoar lizzende, foar syllabisearring yn 'e beneamming kommende kloften goed wurkje te litten.

Njonken dy yngewikkeldheid<sup>2</sup> binne der noch mear saken dy't Riemersma syn beskriuwing net botte oantreklik meitsje. Ik neam trije:

- (i) De syllabisearring fan 'e n wurdt net keppele oan dy fan 'e oare sonorantyske konsonanten. Dat makket dat der in ginneralisearring mist wurdt, omdat syllabisearring dochs eins as ien ferskynsel besjoen wurde moat.
- (ii) De regeloarder mei nasalearring/assimilearring is net altyd gelyk: binne der twa opinoarfolgjende, foar syllabisearring yn 'e beneamming kommende kloften, dan moatte nasalearring/assimilearring earst wurkje, is der mar ien te syllabisearjen kloft dan komme dy operaasjes dernei (s.74). Dy nochal ûngewoan oandwaande konstruksje hie Riemersma noarich om in noch beroerder útstel foar te kommen, dat wurke mei korreksjeregels, sadat ien regel twa kear op itselde segmint tapast wurde moast.

---

<sup>2</sup>Yn syn foarwurd (s.7) mient Riemersma dat syn stúdzje in bydrage leverje kin ta in praktyske (sic) útspraaklear fan it Frysk. Ik bin bang dat er syn doel foarbysketten is, alteast wat de syllabisearring oanbelanget.

oer syllabisearring

(iii) De tapassing fan syllabisearring sels is net simultaan mar iteratyf: by twa opinoarfolgjende, foar syllabisearring yn 'e beneaming kommende kloften moat earste de rjochter kloft syllabisearre wurde, en dêrnei pas de lofter. It giet hjir om gefallen as keppelen, iepener, azemen, tekenen ensfh. De regeltapassing moat wol op dy wize barre, omdat syllabisearring fan 'e twadde kloft kondisjonearjend wurket foar syllabisearring fan 'e earste kloft. De krusiale foarms binne hjir keppele, \*kepple en keppl~~n~~. Al heart in iterative regeltapassing yn Chomsky & Halle (1968) noch net ta de mooglikheden<sup>3</sup>, neffens Anderson (1974) is dat yn letter jierren feroare: "(...) and that rules are allowed to apply to their own output" (s.132). Dêr sit it probleem dus net. Der is leau 'k al in probleem as men jin ynlibbet yn it taallearende bern sels. Ik soe my yntinke kinne dat in regel dy't yn ien kear tapast wurde kin foar it bern makliker oan te learen is as in regel dy't stapke foar stapke tapast wurde moat. Myn omskriuwing is hjir in bytsje foarsichtich, omdat ik yn 'e literatuer oer dat punt gjin útspraken fine kind haw. Ut in eachpunt fan ienfâld liket it my lykwols ta dat der dochs wat foar te sizzen falt.

Oan Riemersma syn behanneling fan 'e syllabisearring sitte dus in pear beswieren. Yn 'e folgjende paragrafen wurdt in analyze fan it ferskynsel jûn, wêrby't nei't ik hoopje oan dy beswieren temjitte kaam wurdt. Dêrnei sil dy analyze ferlike wurde mei dy fan Tiersma (1979), dy't ek in stikmannich siden oan syllabisearring yn it Frysk wiid hat.

It sil bliken dwaan dat de ferskillen mei Riemersma foar in grut part fuortkomme út in ferskillende útspraak fan 'e syllabisearringsferskynsels. Yn in taheakke binne dy ferskillen op in rychje set, wylst yn paragraaf 8 op 'e mooglike achtergrûnen fan 'e ferskillen yngong wurdt.

---

<sup>3</sup>Yn Chomsky & Halle bestiet wol de mooglikheid ta in lofts-rjochts tapassing yn 'e foarm fan 'e transformasjonele syklus. Ut 'e grûnfoarm [[keppel]en] soe sa op in ienfâldige wize keppl~~n~~ ôflaat wurde. Mar omdat ek in foarm as \*kepple ginnerearre wurde soe, komt de mooglikheid fan in sykliske regel, noch ôfsjoen fan oare beswieren, net yn 'e beneaming.

oer syllabisearring**2. Syllabisearring en de syllabegrins**

In oare analyze kin men op it spoar komme troch de rjochter omjouwing fan Riemersma syn syllabisearringsregel wat neier te besjen. Dy rjochter omjouwing is:

$$(1) \left\{ \begin{array}{c} \# \\ [+ \text{ kons}] \\ [- \text{ syl}] \\ [- \text{ kons}] \end{array} \right\}$$

Riemersma hat (1) op dy wize formulearre om syllabisearring foar fokalen út te sluten. By him, en dat is ek by my it gefal, kin yn bygelyks lepele net syllabisearre wurde. Der bliuwt dan oer dat dat wol kin foar

- a) in wurdgrins
- b) in healfokaal (yn Riemersma syn boek wurde lykwols allinnich mar foarbylden op j jûn)
- c) in konsonant.

Neffens my kin no de rjochteromjouwing sa't dy formulearre is yn (1) ferfongen wurde troch it syllabegrinssymboal  $\$$ . Ik haw foar de folgjende argumintaasje gebrûk makke fan Hooper (1972) en Booij (1977).

- (i) In wurdgrins kin lyksteld wurde mei in syllabegrins. Sjoch Hooper, s.537.
- (ii) Neffens Booij is foar it Nederlânsk in taalspesifike ynsersjeregel noarich foar kombinaasjes fan konsonantyske sonoranten en healfokalen: de  $\$$  moat der krekt tuskenyn pleatst wurde. Booij jout as foarbylden Ar\$jan, ran\$ja en Hol\$werd. Dy regel liket my ek foar it Frysk op te gean.
- (iii) By in kombinaasje fan in konsonantyske sonorant en in obstruint komt de syllabegrins nei de sonorant (Hooper, s.535).
- (iv) As in kombinaasje foarkomt fan twa nasalen, twa likwiden, nasaal plus likwide of likwide plus nasaal, dan skiedt de syllabegrins harren.
- (v) As in net-syllabysk illemint tusken twa syllabyske illeminten yn stiet, dan komt de syllabegrins foar it net-syllabyske illemint te stean (Hooper, s.536).

Fan (i), (iii), (iv) en (v) hâldt Hooper út dat se universeel binne. Tegearre mei (ii) komme se der op del dat in konsonantyske sonorant altyd folge wurdt



oer syllabisearring

troch  $\$$ , útsein at der in fokaal nei de soanorant komt. Gefal (i) komt oerien mei (a), en (ii) mei (b). De soanorant komt yn dy gefallen foar in syllabegrins te stean en yndied docht bliken dat der dan syllabisearre wurde kin: leppl en lepplje. At we (ii) en (iv) byinoar nimme, dan sjogge we dat at de sonorant foar in konsonant komt, dy beide segminten skaat wurde troch in syllabegrins (gefal (c) dus). Hjirfan haw ik yn ferbân mei syllabisearring gjin foarbylden fine kind, mar at se der binne, dan moat der neffens de hjir stelde hypteze syllabisearre wurde kinne. Ik haw se dêrom foar de folsleinens fan 'e argumintaasje dochs mar opnaam.<sup>4</sup> In foarm as leppels is justjes in oar gefal. Dêr wurdt yn paragraaf 5 fierder op yngong. Gefal (v) keart syllabisearring op; de soanorant stiet ommers net foar mar achter it  $\$$ -teken. Leppeşle wurdt yndied lepele, net lepple.

Wy hawwe hjir dus in beskate ginneralisearring berikt; de regel sa't Riemersma dy foar de syllabisearring fan bygelyks de l jout (2) kin no ferfongen wurde troch (3):<sup>5</sup>

$$\begin{array}{l}
 (2) \quad [-\text{syl}] \longrightarrow [+ \text{syl}] \left/ \begin{array}{l} [+ \text{syl}] \\ - \text{kons} \\ - \text{spnd} \end{array} \right. \begin{array}{l} \text{---} \\ + \text{kons} \\ + \text{lat} \end{array} \left. \begin{array}{l} \# \\ \left\{ \begin{array}{l} [+ \text{kons}] \\ [- \text{syl}] \\ [- \text{kons}] \end{array} \right\} \end{array} \right. \\
 (3) \quad [-\text{syl}] \longrightarrow [+ \text{syl}] \left/ \partial \begin{array}{l} \text{---} \\ + \text{lat} \end{array} \right. \$
 \end{array}$$

In fierder foardiel fan dizze formulearring is, dat de troch Riemersma op s.29 neamde kondysje dat tusken de ə en de l gjin formatyfgrins stean mei, no ferfalle kin. Spitigernôch jout er gjin foarbylden, of it moast al de foarm hokkeling wêze. De blokkearring fan syllabisearring is dêr te ferklearjen omdat de

<sup>4</sup>In foarbyld is mooglik de plaknamme "Appelsgea", dat ik de folgjende syllabestruktuer jaan soe: aşpəlşskIə. Dat der sa'n bytsje foarbylden te finen binne, leit him der oan, dat, at de sonorant foar in konsonant komt, se meastentiids skaat wurde troch in wurdgrins. En dy sitewaasje is al yn foarsjoen troch (i).

<sup>5</sup>Foar it gemak haw ik Riemersma syn [+syl, -kons, -spnd] yn dit artikel ferfongen troch it schwa-teken ə. Merk fierder op dat yn Riemersma syn regel foar de l it skaaimerke [+kons] weilitten wurde kin. Der bestiet ommers gjin [-kons] lateraal segmint.

oer syllabisearring

l by de lêste syllabe heart: hɔʃkəʃliŋ. Krekt itselde bart mei de oare my bekende Fryske suffiksen dy't mei l begjinne (bygelyks -loas, -lik).

De syllabisearring fan 'e r, de m en de ŋ wykt fierders net ôf fan dy fan 'e l, dat foarearst kinne we de neikommende regel opstelle:

$$(4) \quad [-\text{syl}] \longrightarrow [+ \text{syl}] \quad / \quad \partial \quad \left[ \begin{array}{c} \text{+kons} \\ \text{+son} \\ \alpha \text{ kont} \\ \alpha \text{ kor} \end{array} \right] \quad \S$$

At (4) útkomt, dan hat dy regel konsekwinsjes foar de tapassing fan syllabisearring fan twa opinoarfolgjende, foar syllabisearring yn 'e beneaming kommende kloften, dus krekt dy gefallen dy't, sa't wy yn 'e ynlieding sjoen hawwe, safolle swierrichheden jouwe. Foarbylden binne leppelen, hammeren en biezemen. Dy foarms kinne sa yn syllaben opdield wurde: ʃlɛʃpəʃlənʃ, ʃhɑʃmərənʃ en ʃbie-ʃzəʃmənʃ. We sjogge dat allinnich it twadde illemint mar syllabisearre wurde kin.: leppelŋ, hammerŋ en biezemŋ. Mei oare wurden, hammer en hammerje soene mei in syllabisearre r útsprutsen wurde moatte, en hammeren net. Foar de oare foarbylden soene lyksoartige opmerkings te meitsjen wêze.

Sa soe dus neffens de regel de útspraak wêze moatte. At dat útkomt, dan is it nochal opfallend dat dy útspraak dan ferskilt fan Riemersma sines: lepplŋ, hammerŋ, biezmpŋ (Riemersma 1979,40). Dochs haw ik wol it idee dat de yn 'e foarige alinea jûne útspraakfoarms strike mei myn yntuysjes op dat stik fan saken. Fierderop yn dizze paragraaf sil ik twa arguminten jaan dy't dy foarms, en dus hypsteze (4), stypje.

Regel (4) jildt foar de syllabisearring fan l, r, m en ŋ. Kin de syllabisearring fan 'e n ek yn dy regel ûnderbrocht wurde? Soks soe syn foardielen hawwe: it liket nochal natuerlik dat de n him gelyk hâldt as syn kollega-sonoranten. Boppedat soe de regel him wer wat ienfâldiger formulearje litte. Dêrfandinne de folgjende hypsteze:

$$(5) \quad [-\text{syl}] \longrightarrow [+ \text{syl}] \quad / \quad \partial \quad \left[ \begin{array}{c} \text{+kons} \\ \text{+son} \end{array} \right] \quad \S$$

oer syllabisearring

Hjirûnder steane in pear útspraakfoarms dy't nei myn betinken in stipe binne foar (5):

- |              |              |
|--------------|--------------|
| (6) a. iepm̩ | b. iepenet   |
| iepm̩je      | (wy) iepenn̩ |
| tekŋ         | tekenet      |
| tekŋje       | (wy) tekenn̩ |

Nim bygelyks de te syllabisearjen foarms iepen en (wy) iepenen. By de earste hear ik yn myn útspraak dúdlik in labiale nasaal, by de twadde in dintale nasaal. Dat útspraakferskil is sa te ferklearjen. It illemint ən fan iepen wurdt syllabiearre ta p̩. Dêrnei assimilearret dy p̩ him oan 'e foarôfgeande konsonant: de p̩ wurdt lykas de p bilabiaal. By iepenen is der neffens (5) syllabisearring fan it twadde illemint ən ta p̩: iepen̩. Wie no ek it earste illemint ən syllabiearre ta n̩, dan soe der lykas yn iepen in progressive assimilaasje fan 'e syllabyske konsonant barre moatte, en dus soe in m-klank te hearren wêze moatte. Dat dat hjir in n-klank is liket my in wichtich argumint ta stipe fan (5) ta.

In twadde argumint yn it foardiel fan (5) hat te krijen mei de regel geminaatferkoarting, ek wol bekend as degeminaasje. Ynformeel sein hâldt dy regel yn dat by in opinoar folgjen fan twa gelikense konsonanten de útspraak sa is as stie der mar ien fan beide konsonanten. Mei oare wurden, ien fan beide konsonanten wurdt delearre. Dus bygelyks yn it út yn en nimme foarme ynnimme hearre jo noch mar ien n̩. By Trommelen & Zonneveld (1979, 122) is foar degeminaasje de neikommende regel te finen:

- |                          |     |                      |   |   |     |
|--------------------------|-----|----------------------|---|---|-----|
| (7) [+kons] <sub>1</sub> | (#) | [+kons] <sub>1</sub> |   |   |     |
| 1                        | 2   | 3                    | → | 0 | 2 3 |

At men oannimt dat dy regel ek jildich is foar it Frysk, en men ferliket it net-syllabiearre iepen mei it al syllabiearre iepenen, dan is by dy lêste de n-klank dúdlik langer, te ferlykjen mei de langte fan hūn vs. hūnn̩, lean vs. leann̩ ensfh. Der hat dus gjin degeminaasje west. Degeminaasje wurdt blokkearre

### oer syllabisearring

as de beide konsonanten net idintyk binne, en dat kin yn dizze gefallen allinich mar lizze yn it al of net oanwêzich wêzen fan it skaaimerke syllabysk. Mei oare wurden: as it twadde illemint syllabisearre is, kin it earste dat net wêze. En soks wurdt foarsein troch hypsteze (5).<sup>6</sup>

De beide boppesteande arguminten foarmje ûnôfhinklike evidinsje foar (5). Dat is benammen belangryk omdat it al of net syllabisearre wêzen fan illeminten lestich te opstrewearjen is. It al of net trochgean fan assimilearring en degeminaasje kin oan 'e oare kant maklik fêststeld wurde, makliker alteast as it al of net delearre wêzen fan 'e schwa.

At hypsteze (5) yndied jildich is, dan hat er stikmennich foardielen boppe Riemersma syn regel(s): de syllabisearring fan 'e n rint lykop mei dy fan 'e oare konsonatyske sonoranten, en fierders kin de regel simultaan tapast wurde. Boppedat is regel (5) stikken ienfâldiger.

### 3. Assimilearring fan syllabyske n

It wie yn 'e foarôfgeande paragraaf in pear kear it gefal dat myn útspraak ferskilde fan dy fan Riemersma. Njonken dy gefallen binne der noch wol mear ferskillen. It nijsgjirrige fan dy ferskillen sit him dêryn, dat myn foarms yn in folle ienfâldiger regel te beflappen binnen as dy fan Riemersma.

As de n syllabisearre is, assimilearret er him oan 'e foarôfgeande konsonant, lykas ek al út guon foarbylden ûnder (6) bliken docht. Ut ûndersteand oersjoch fan isolearre (!) wurden komt nei foaren dat dy assimilearring him yn myn idiolekt mear foardocht as yn Riemersma sines. De foarbylden haw ik oernaam út syn op s.37-41 steande oersjoch. Ek syn stavering haw ik foar it gemak oernaam:


---

<sup>6</sup>It soe fansels ek noch wêze kinne dat degeminaasje blokkearre wurdt at der twa idintike syllabyske konsonanten by betruksen binne, bygelyks om op te kearen dat hiele syllaben delearre wurde. Yn dat gefal soe dit argumint fansels net mear opgean. Dat de saak der werklik sa hinneleit, is min nei te gean. Yn 'e literatuer oer geminaatferkoarting wurdt foar safier my bekend is oer syllabyske konsonanten net praat. Ut it matriaal fan Riemersma wurdt men ek neat gewaar. Hy jout wol op dat de earste kloft syllabisearre wêze kin, mar at dy folge wurdt fan in nasaal mei itselde artikulaasjeplak, wurdt dy twadde kloft krekt net syllabisearre. Dat ynearsten gean ik mar út fan 'e krektens fan it degeminaasje argumint.

oer syllabisearring

(8)	<u>Riemersma</u>	<u>Dyk</u>
rekken	rekkŋ	rekkŋ
iepen	? iepm <sup>7</sup>	iepm
drûven	drûvŋ	drûvŋ
moffen	moffŋ	moffm
eagen	? eagŋ	eagŋ <sup>8</sup>
bjemmen	bjemm	bjemm
dingen	diŋŋ	diŋŋ
azemen	azmŋ	azemm
formtjerringen	formtjerrŋŋ	formtjerrŋŋ <sup>9</sup>

Riemersma assimilearret net nei frikativen en nei in syllabisearre konsonant, ik assimilearje yn alle boppesteande gefallen. Yn it oersjoch stean gjin foarbylden mei [+koronaal, +anterieur] konsonanten; yn al dy gefallen bliuwt de p in p. At hjir no al of net sprake is fan assimilearing is min út te meitsjen; om de assimilarringsregel sa ginneralisearjend mooglik op te stellen nim ik oan dat we hjir al fan assimilearing prate kinne, en dat de regel yn sa'n gefal in fakueuze tapassing krijt. Mei oare wurden, yn isolearre wurden assimilearret de syllabyske p him altiten oan 'e foarôfgeande konsonant.<sup>10</sup> De regel wurdt dan:



Om betizing mei de gewoane assimilarringsregel foar te kommen, neam ik dizze progressive assimilearing fan in syllabyske konsonant de ASYL-regel.

<sup>7</sup>De foarms mei in fraachteken wurde yn Riemersma syn list net jûn, mar kinne op grûn fan syn gegevens op himsels wol rekonstruearre wurde.

<sup>8</sup>Yn myn idiolekt wurdt de frikatyf ɣ hjir ta in eksplosyf g.

<sup>9</sup>En dat is foar my eins in rekonstruearre foarm, omdat ik yn myn idiolekt in sterke foarkar haw om nomina op -ing te pluralisearjen mei s (sjoch ek Riemersma 1979, 33).

<sup>10</sup>Wêrom't ik de fokalen en de healfokalen der hjir net yn behelje, sil yn paragraaf 5 dúdlik wurde.

oer syllabisearring**4. Syllabisearring, nasalearring, assimilearring**

Der binne in stikmennich oare fonologyske regels dêr't syllabisearring yn in beskate relaasje ta stiet, en ta guon fan dy regels is dy relaasje - ôfgeande op myn útspraakfoarms - by my oars as by Riemersma. Mar net allinnich oars, ek ienfâldiger. Dat jildt noch net foar de regel dy't de schwa delearret neidat de konsonantyske soanorant syllabysk wurden is. Dat jildt ek net foar de ASYL-regel, dy't ek by Riemersma fansels oardere wurdt nei de syllabisearring en de schwa-deleesje.

It leit der lykwols wat oars hinne mei dy oare twa regels dy't yn Riemersma syn boek in foaroanplak fûn hawwe, te witten nasalearring en assimilearring. Understeande list jout wer in yndruk fan 'e ferskillen tusken Riemersma en my. De list is fanwegen de romte net folslein, en de stavering ha 'k foar it gemak wer fan Riemersma ôfsjoen. De foarms fan Riemersma binne by him te finen op s.37-41.

(10)	<u>Riemersma</u>	<u>Dyk</u>
	drúv̄ krije	drúv̄ krije
	veḡm bôchtsje	veḡ bôchtsje
	njôgḡm minsken	njôgḡ minsken
	êḡẽ sjugge	êḡ sjugge
	drúv̄ẽ leze	drúv̄ leze
	daḡẽ jan	daḡ jan
	vazm̄̄ grauêleg	vazem̄̄ grauêleg
	azm̄ẽ fluitsjend	azem̄ fluitsjend
	biezm̄ẽ rjôchtút	biezem̄ rjôchtút
	tek̄m̄̄ prachteg	tekem̄ prachteg
	tek̄m̄̄ mooi	tekem̄ mooi
	tek̄n̄ẽ snains	tekem̄ snains
	tek̄n̄ẽ reuzen	tekem̄ reuzen
	jerr̄ḡẽ sjoen	jerrem̄ sjoen

Ut it oersjoch docht bliken dat by my de ASYL-regel ek yn net-isolearre foarms altyd opgiet. By Riemersma giet it allegearre folle ûnregelmjittiger, en dat is ek de reden dat hy sokke yngewikkelde regels foar de syllabisearring

oer syllabisearring

en de assimilearring fan 'e n formulearje moat (Riemersma 1979,47-48). It ris-seltaat by my strykt mei hoe't de regels opsteld binne: de ASYL-regel kin allinnich tapast wurde op 'e syllabisearre n, nasalearring en (gewoane) assimilearring op 'e net-syllabisearre n. Dêrom ek dat tusken de ASYL-regel en nasalearring/assimilearring gjin folchoarderrelaasje jûn wurde kin.

In folchoarder moat wol jûn wurde tusken syllabisearring en nasalearring/assimilearring. Syllabisearring moat fansels earder tapast wurde, omdat oars de n ferdwûn is. Ferlykje:

(11a)		<u>dagen jaan</u>	<u>njoggen minsken</u>
	nas/ass	dag <sup>ẽ</sup>	njoggem
	syll	----	njoggm
	ASYL	----	-----
<hr/>			
		*dag <sup>ẽ</sup> jaan	*njoggm minsken
(11b)	syll	dag <sub>n</sub>	njoggn
	ASYL	dag <sub>ŋ</sub>	njogg <sub>ŋ</sub>
	nas/ass	----	-----
<hr/>			
		dag <sub>ŋ</sub> jaan	njogg <sub>ŋ</sub> minsken

Gearfetsjend leit it der mei ən yn net-isolearre wurden sa hinne. Kin der neffens regel (5) syllabisearre wurde, dan moat dat barre. Dêrnei wurdt de schwa delearre en wurdt de ASYL-regel ferplichte tapast. Kin der net syllabisearre wurde, dan wurdt der nasalearre of assimilearre. Binne ek dy regels útsletten, dan bliuwt ən gewoan ən.

### 5. Presisearring fan 'e syllabisearringsregel

De foarrige paragrafen jouwe it byld fan in ienfâldige syllabisearringsregel en in oersichtlike tapassingsproseduere. Dochs moatte oan 'e regel noch in pear nuansearrings oanbrocht wurde. De earste komme we op it spoar út de neikommende oerflaktefoarms:

oer syllabisearring

- (12) a. kaem binne                      bleuēs  
           kaeŋ kenne                    kaē sitte  
           kaem meitsje                kaē rjochtsje  
           kaē fleane                    kaē jouwe
- b.    tretjem pear                    achtjē fjirtich  
       fjirtjem man                    it bodzjē joech
- c.    de blauwem binne  
       de blauwē jouwe  
       de blauwē fiere

Nei in fokaal of in healfokaal ha we dus gewoan nasalearring of assimilearring. Dat ûnderstreket myn dizige yntuysje dat der yn dy gefallen net syllabisearre wurdt.<sup>11</sup> As dat wier is, dan moat de syllabisearringsregel oanpast wurde. Dat is lokkigernôch net sa slim te realisearjen:

$$(13) \quad [-\text{syl}] \longrightarrow [+syl] \quad / \quad [+k\text{ons}] \quad \partial \quad \left[ \begin{array}{c} +k\text{ons} \\ +s\text{on} \end{array} \right] \quad \S$$

Dy regel ymplisearret dus dat ek yn wurden as boaiem en fjouwer net syllabisearre wurdt. Dat dat wier it gefal is, is by soanoranten as m en r min út te meitsjen. Der binne by my lykwols gjin yntuysjes dy't dúdlik in oare kant út wize.

In twadde presisearring is noarich fanwegen de folgjende foarms:

- (14)      blidŋs                    ridŋd                    lepplŋs  
           fromms                    kappmd                    biezms  
           baŋŋs                    sjoŋŋd                    tekŋs

<sup>11</sup>At ik my net fersin wurdt bygelyks yn it Grinslânsk ek yn dizze gefallen syllabisearre. Mar sa't skynt kin dêr lykas yn myn Frysk in syllabisearre konsonant net streekrjocht grinzgje oan in (heal)fokaal. Yn myn idiolekt wurdt soks domwei oplost troch nê't te syllabisearjen, Grinslanners dogge dat troch nei dy (heal)fokaal in d te ynsertearjen. Soks smyt dus foarms op as: zeedŋ (seeën), gooidŋ (smite), ensfh.



oer syllabisearring

Al wurdt der yn dizze gefallen syllabisearre, it bart hjir net flak foar de syllabegrins, dy't hjir gearfalt mei de wurdgrins: \$bli\$dens\$. It docht dus bliken dat tusken de konsonantyske sonorant en de syllabegrins yn alle gefallen de konsonanten d en s foarkomme kinne. Oare konsonanten binne my net bekend, mar omdat ik ek net wit fan konsonanten dy't syllabisearring yn dizze pesysje opkeare, kin as hypteze steld wurde dat tusken it te syllabisearjen illemint en de syllabegrins in opsjonele konsonant stean kin. Regel (13) moat dan feroare wurde yn (15):

$$(15) \quad [-syl] \longrightarrow [+syl] \quad / \quad [+kons] \quad \partial \quad \left[ \begin{array}{c} \text{---} \\ +kons \\ +son \end{array} \right] \quad ( [+kons] ) \quad \$$$


Merk op dat yn 'e regel fan Riemersma dizze taheakke net noarich wêze soe omdat by him al eksplisyt in konsonant yn 'e rjochteromjouwing neamd wurdt (sjoch (1)).

De wichtichste betingst foar syllabisearring is dus net sa lyk dat de konsonantyske sonorant foar in syllabegrins stean moat, mar dat de schwa plus sonorant ta ien syllabe hearre. Yn regel (15) is dy betingst formalisearre.

## 6. Syllabisearring yn Tiersma (1979)

Yn syn útjefte Aspects of the phonology of frisian jout Piter Meijes Tiersma yn haadstik 5 ek oandacht oan it ferskynsel syllabisearring yn it Frysk. Wat syn data oanbelanget basearret er him op dy fan Riemersma: "this section will summarize some of Riemersma's data and will reinterpret some of his conclusions" (s.166).

Ien sa'n werynterpretaasje is it ynfieren yn 'e regel fan it syllabegrins-symboal \$, likegoed foar de lofter as foar de rjochter omjouwing. De regel hat in transformasjonele notaasje krigen, en dat is grif in foardtong by dy fan Riemersma en fan mysels, omdat syllabisearring en schwadeleesje no as ien proses foarsteld wurde. De regel sjocht der by Tiersma dan sa út:

oer syllabisearring(16) (=T.'s (81)) Syllabification

In fierder foardiel, sa docht bliken út 'e regel, is dat Tiersma ek besiket om syllabisearring as ien proses foar alle konsonantske soanoranten jilde te litten. Wêr't er wol wer mear de koerts fan Riemersma oanhâldt is de iterative tapassing fan 'e regel: hammeren wurdt neffens Tiersma syllabisearre ta hamrn̩. Om dy foarm troch (16) ginnerearje te litten is it needsaaklik dat de syllabegrins nei rjochts lutsen wurdt as de folgjende syllabe syllabisearre is. Jo krije dus de ôflieding šhašmešrenš - šhašmešrn̩š - šhašmeršn̩š - šhašmr̩šn̩š - šhamšrn̩š. Yn in noat merkt Tiersma op dat er gjin ûnôfhinklike evidinsje foar dizze syllabegrinsferskowing hat. Iennichste motyf is dat it him taliket dat it wurd sa útsprutsen wurdt.

De regel foar de syllabisearring (16) is by Tiersma folle ienfâldiger as by Riemersma. Beide geane lykwols fan itselde feitematriaal út, en dêr sitte nochal wat tûkelteammen yn. Riemersma hat dy yn syn regel beflappe wold, en dêrom waard dy regel sa yngewikkeld. Tiersma hat, om syn regel ienfâldich te hâlden en dochs de feiten ferantwurdzje te kinnen, in ekstra kondysje noarich: Dental Attraction, Tiersma (1979,170). Sa't hy sels al oanjout is it net rjocht dúdlik hoe't dy kondysje yn te passen is yn 'e teory. Dat makket dat Tiersma syn behanneling min te ferlykjen is mei Riemersma sines, ek al beskriuwe se deselde feiten. It is ommers folslein ûndúdlik hoe't hjir in evaluaasje-prosedure op los litten wurde kin. Dy fan Chomsky & Halle (1968) bygelyks kin men hjir neat mei wurde: "The "value" of a sequence of rules is the reciprocal of the number of symbols in its minimal representation" (s.334).

Tiersma beweecht him noch wer fierder bûten de bewende teoretyske paden as er de ynteraksje fan syllabisearring mei nasalearring en assimilearring oan 'e oarder bringt. Yn in fiiftal ynstruksjes fiert er it begryp harmony yn. Ek fan dat begryp seit er dat it net foarkomt yn in hjoeddeiske teory, en ek hjir liket my dat in minder sterke eigenskip fan dizze behanneling ta.

De weranalyse fan Tiersma komt der dus op del dat er in ienfâldiger regel jout. Dêrby hat er in pear helpkonsepten noarich, dy't op harsels grif mear ynsjoch jouwe yn 'e prosessen, mar dy't as neidiel hawwe dat se wat in ad hoc karakter hawwe. Yn 'e analyse fan 'e syllabisearring yn myn eigen idiolekt

### oer syllabisearring

hoecht de help fan sokke konsepten net ynroppen te wurden. Mar dy analize giet fansels ek út fan hiel oar feitemateriaal. Oer dat matriaal sille yn 'e lêste paragraaf noch in pear opmerkings makke wurde.

#### 7. Noch in pear oare fonologyske regels

Njonken de hjirfoar al behannele regels binne der noch in pear dêr't syllabisearring yn in beskate relaasje ta stiet. In fertsjinste fan Tiersma is dat er wiisd hat op ien sa'n regel: r-deleesje. By Riemersma is oer dy regel spitiger-nôch neat te finen.

Tiersma ferpartet r-deleesje yn trije skiften, wêrby't foar ús ynearsten allinnich de earste twa mar fan belang binne: word-internal r-Deletion (seksje 4.6.1) en r-Deletion in compounds (seksje 4.6.2). Foar de earste kategory wiist er op in foarm as spikert. It net delearjen fan 'e r ferklearret er út 'e syllabisearring fan dy r wei: spikrt. Dat soe betsjutte dat syllabisearring hjir oardere wurde moat foar r-deleesje. It nuvere is lykwols dat Tiersma - sûnder kommintaar - yn 'e selde paragraaf in foarm as [bakəs] jout. Dêr soe men krekt in oare folchoarder út konkludearje moatte.

Parallel oan bakkers binne noch wol mear foarbylden te betinken: (wat) lek-kers, lekkerder, suverder, stakkert, Albert sprek ik sûnder r út. Njonken nomina as stakkert en Albert is it my ek hiel goed mooglik tiidwurdfourms as spikert of spikerst sûnder r te realisearjen. Men soe dus hiel foarsichtich konkludearje kinne ta in foarkar foar de folchoarder r-deleesje - syllabisearring.

Dy foarsichtichheid is ek op syn plak by it twadde skift: r-Deletion in compounds. Dy regel falt útinoar yn in ferplichte foar it prefiks fer (en noch in pear oare wurd-sjes, mar dy binne yn dit ferbân net fan belang), en yn in net-ferplichte foar "gewoane" gearstallings. Dat al of net ferplichte wêzen fan 'e regel liket gear te hingjen mei al of net syllabisearjen. Tiersma jout foarbylden fan gearstallings as [spikr̥bak] en [vEt̥r̥fɔl], dêr't r-deleesje opsjoneel wêze soe, mar dêr't wol in syllabisearre r foar 't ljocht komt. De regeloarder soe hjir wer syllabisearring - r-deleesje wêze moatte. Oan 'e oare kant is neffens Tiersma de regel ferplichte foar it prefiks fer, at dat foarkomt foar in konsonant (útsein de h). Hy bringt foar fer de mooglikheid ta in

oer syllabisearring

syllabyske r net te praat, en nei myn idee is dy mooglikheid der ek net.<sup>12</sup> Wêrút we konkludearje moatte ta in folchoarder r-deleesje - syllabisearring by it prefiks fer.

In konklúzje twingt him sa njonkenlytsen op: dêr't r-deleesje obligatoar is, giet er oan syllabisearring foarôf, dêr't er opsjoneel is, folget er syllabisearring. We krije dus de folchoarder: ferplichte r-deleesje - syllabisearring - net-ferplichte r-deleesje.

At dy folchoarder empiryske wearde hat, leit in wat oare yndieling fan it proses "r-deleesje" yn 'e reden; net it "plak" (sjoch Tiersma syn yndieling) soe dan it beskiedende kritearium wêze, mar it al of net ferplichte wêzen fan 'e regel. Njonken de gewoane gearstallings soe ek Tiersma syn tredde skift, r-Deletion and Allegro Apocope<sup>13</sup>, ûnder de opsjonele regel falle. Tiersma seit fan syn tredde skift ommers dat r-deleesje dêr ôfhinklik is fan sprekstyl en sprektempo.

Troch it "ferplichtens"-kritearium soe Tiersma syn twadde skift (r-Deletion in compounds) dus út elkoar helle wurde: fer ensfh. komme los te stean fan 'e oare gearstallings. Dat hat as foardiel dat de definysje fan gearstalling suver bliuwt: in wurd dat foarme is út twa oare wurden (Booij, Kerstens & Verkuyl 1975,108). Fer is no ienris in affiks, en gjin wurd. Dat út elkoar heljen fan fer ensfh. en gearstallings slút boppedat hiel aardich oan by in diskusje yn 'e Nederlânske literatuer. Yn tsjinstelling ta Booij (1977) hâldt Gilijamse (1980) út dat alle Nederlânske affiksen in morfeemgrinssymboal by harren hawwe, en gjin wurdgrins lykas dy al yn gearstallings foarkomt. We sjogge dus dat it yndielen fan r-deleesje yn in obligatoar en in opsjoneel part lykop rint mei it al of net foarkommen fan in wurdgrinssymboal. Gearstallings en Tiersma syn Allegro Apocope-gefallen hawwe in#, en r-deleesje is dêr opsjoneel. Fer ensfh.

---

<sup>12</sup>In marginale útsûndering foarmje in pear krêftterms, lykas ferdomme en fergemy. It binne ynterjeksjes, en dy falle no ienris wol faker bûten it fonologyske systeem.

<sup>13</sup>It giet hjir om bygelyks wurdjes as mar, dêr, wer, ensfh. Foar safier't ik besjen kin (ek Tiersma jout gjin foarbylden) falle hjir gjin wurdjes ûnder dy't útgeane op schwa plus r. Der is dus ek gjin direkte relaasje mei de syllabisearringsregel.

oer syllabisearring

en de gefallen út Tiersma syn earste skift kinne it sûnder # dwaan,<sup>14</sup> en dêr is r-deleesje krekt ferplichte. Mei oare wurden: opsjonele r-deleesje hat in # yn 'e regel, de obligatoare fariant net.

It kritearium fan "plak" blykt dus dochs in rol te spyljen by de yndieling fan r-deleesje. Mar dat kritearium moat der nei myn betinken oars útsjen as dat Tiersma útsteld hat. It liket frij sterk te stean omdat it lykop rint mei it kritearium fan it al of net ferplichte wêzen fan 'e regel.

Nei it lange ferhaal oer r-deleesje noch even in pear wurdsjes oer in oare regel dêr't syllabisearring yn in (foar my hiel aparte) relaasje mei stiet, it ek troch Riemersma al oanhelle e-epentesis. Dy regel lasket tusken r of l en m in schwa yn (Riemersma 1979,31). Omdat de m syllabisearre wurde kin, moat men wol oannimme dat e-epentesis oan syllabisearring foarôfgiet:<sup>15</sup>

(17)	<u>film</u>	<u>film</u>
e-ep.	filləm	syll. -----
syll.	fillm̩	e-ep. filləm
	-----	-----
	fillm̩	*filləm

As de m folge wurdt troch in fokaal, giet e-epentesis net troch: filme, ferearmen, filmer, earmer, ensfh. Foar Riemersma leit dat sa't skynt wat oars, want hy syllabisearret likegoed de twadde as de earste kloft, neidat dêr earst e-epentesis operearre hat. Hoewol:

"Helendol vis bin ik net; r alisjerring fon dy vudden s nder sylabysjerring, en dus s nder fwar geande epentesis, is mij ek v l hiem - ut  nderviis yn ut "stondetfriesk" en de omgong mai "oastalegen" ha sa har faaie k nten." (Riemersma 1979,91)

<sup>14</sup>Dat fer hjir in aparte status krijt sil guon l zers grif earder oan wolle as de "ensfh.", dêr't Tiersma (s.141) "particles" as oer, oar, foar en wer  nder beflapt. Mar sjoch nei it syllabifikaasje patroan: fe roarje, oe rein, foa ryn, we rom.

<sup>15</sup>Hoewol't Riemersma dy folchoarder ek jout, is it wat eigenaardich dat er yn 'e rjochteromjouwing fan 'e epentesisregel wol in syllabyske konsonant opnimt. Omdat sa'n konsonant lykwols allinnich mar  ntstean kin troch syllabisearring, soe men dêr t krekt ta de omkearde folchoarder konkludearje moatte.

oer syllabisearring

Foar myn eigen idiolekt (en ek foar it standertfrysk?) soe in oplossing foar niisneamd fenomeen wêze kinne om in readjustment-regel oan te nimmen dy't in saneamd regelskaaimerke yntrodusearret:<sup>16</sup>

$$(18) \quad \begin{array}{l} +kons \\ +son \end{array} \longrightarrow [-\text{syllabisearring}] \left/ \begin{array}{l} +kons \\ +son \\ -nas \end{array} \right. \left[ \begin{array}{l} +son \\ +nas \\ -kor \\ +ant \end{array} \right] \partial \text{ —————}$$

Sa wurdt dus opkeard dat der syllabisearre wurdt nei  $\left. \begin{array}{l} l \\ r \end{array} \right\} + m + \partial$ .

### 8. It hear oersjend

Yn 'e foargeande paragrafen haw ik foarbylden fan syllabisearring jûn sa't dy yn myn idiolekt mooglik binne. Ik sis mei opsetsin "mooglik", want in opmerksame harker soe wierskynlik, at er my praten hearde, my der maklik op betraapje kinne dat ik wittefaak nêst syllabisearje. Hoe kin dat? Sit ik de boel te bedonderjen?

Ik tink dat de kwestje werom te bringen is ta it ûnderskied competence - performance. Myn yntuysje seit my dat ât ik syllabisearje, ik dat dwaan moat op 'e yn 'e foarrige paragrafen oantsjutte wize. In beskriuwing fan 'e competence sil sokke foarms ferantwurdzje moatte. At dy foarms ek yn it werklike taalgebrûk realisearre wurde, is in performance-kwestje.<sup>17</sup> Ien sa'n performance-ynfloed is bygelyks ritmysk fan aard; sa syllabisearje ik yn unikens makliker as yn maklikens. In ritmyske ynfloed is der tink ik ek de oarsaak fan dat

<sup>16</sup>Yn Chomsky & Halle (1968,175) wurdt op 'e selde wize in soartgelikens gefal yn it Ingels behannele. Zonneveld (1978,210) hâldt lykwols út dat readjustment-regels kontekstfrij wêze moatte, en dat it Ingelske foarbyld ek oars behannele wurde kin. Foar de wize wêrop ferwiist er nei Iverson (1977), in artikel dat ik spitigernôch net yn hannen krije kind haw.

<sup>17</sup>Yn it troch Van Marle makke ûnderskied tusken "klankstrukturregels" en "zinsfonologieregels" soe syllabisearring dúdlik ûnder de lêste kategory falle. Fan sokke regels wurdt sein dat se "gerelateerd zijn aan spreekstijl en/of spreektempo" en dat se "een duidelijk performatief karakter" ha (Van Marle 1978,16).

oer syllabisearring

der bygelyks by it foardragen fan poezij of by it sjongen net sa gau syllabisearre wurdt.

It sil de lêzer yn it foargeande opfallen wêze dat der nochal wat útspraakferskillen besteane tusken Riemersma en my. Dy ferskillen hawwe ta gefolch dat de troch ús beiden formulearre syllabisearringsregels (en de ASYL-regel) ek nochal ferskille. Omdat dy ferskillen sa opfallend binne soe ik der graach wat fan sizze wolle.

It is mooglik dat de ferskillen werom te bringen binne op dialektferskillen tusken in Fries út it noarden (Riemersma) en ien út it suden (Dyk). Hof (1948, 131) mient dat de assimilearring fan 'e syllabyske konsonant (dus de ASYL-regel) "in oertwingsel út 'e Saksyske oarden is". En:

"By ús Fryske taelgrins lâns krije de minsken de útspraak mei 'm ek hiem nei de labio-dentalen f en v."

Mar der kinne ek oare faktoaren wêze dy't harren ynfloed hân hawwe op it feiteferskil. Ik neam in pear:

- (i) Der is temin rekken holden mei it ferskil competence - performance, of dat ûnderskied is ferkeard ynterpretearre.
- (ii) It waarnimmen fan syllabisearring, ek fan jins eigen yntuysjes, is net ienfâldich. Soks is te lêzen by Riemersma yn syn "fwarvud", soks is bygelyks ek te lêzen by Ladefoged (1975, 218), dy't op it aljemint bringt dat sprekkers twifelje oer it tal syllaben yn in wurd as de mooglikheid fan in syllabyske soanorant him yn sa'n wurd foardocht.
- (iii) It is in frij algemien akseptearre fyzje dat waarnimming fan feiten teorybeskaat is.<sup>18</sup> Sa op it earste gesicht liket myn wurkwize wat "teoretysker" west te hawwen as Riemersma sines, sadat by my de kâns grutter is dat de troch my waarnommen feiten ôfwike fan 'e objektive werklikheid as dat dat it gefal wêze kin by Riemersma. Nochris: haw ik de boel be-dondere? Net bewust, mar it is goed om de mooglikheid ûnder de eagen te sjen.

---

<sup>18</sup>In aardich artikel dêroer is Kerstens & Sturm (1979), dêr't ek ferwizings yn te finen binne nei wittenskipsteoretyske publikaasjes dy't anneks binne mei dizze "rillativistyske" opfetting.

oer syllabisearring

It is min te sizzen oft en yn hoefier't de fjouwer boppesteande faktoaren meiwurke hawwe oan it feiteferskil. It is dêrom it feilichste en gean der ynearsten mar fan út dat de presintearre feiten yndied de feiten fan ts idiolekten binne.

Is dit artikel no ien grutte oanfal op Riemersma syn boekje? At de lêzer dat tinkt, tinkt er neffens my ferkeard. Utgeande fan syn feitemateriaal koe Riemersma net folle oars as wat er dien hat. It belang fan dit artikel liket my deryn te lizzen dat der op wiisd wurdt dat der ek in Frysk idiolekt (of sels dialekt) bestiet dêr't it ferskynsel syllabisearring him hiel regelmjittich yn hâldt en draacht, en him ek navenant ienfâldich beregelje lit.<sup>19</sup>

Fierder ûndersyk soe ekris oare Fryske dialekten/idiolekten op it harspit nimme kinne. Mar ek de performance-kant sitte nijsgjirrige aspekten oan. It hat ommers bliken dien dat syllabisearring in opsjonele regel is: hy is al of net ta te passen. Der soe neigong wurde kinne hokker faktoaren dêr ynfloed op hawwe kinne. Dat soene fonologyske faktoaren wêze kinne, de omjouwings dêr't mear of minder yn syllabisearre wurdt. Om in foarbyld te jaan, ik haw fan myself it idee dat ik minder maklik syllabisearje nei net-koaronale frikativens as nei net-koaronale eksploziven. Nei beide is by my syllabisearring mooglik, mar yn 'e iene omjouwing koe it wolris faker barre as yn 'e oare. Sokke fonologyske faktoaren soene dan wer rillatearre wurde kinne oan mear sosjolingwistyske, lykas sitewaasje, slachte, âldens ensfh. Koartsein, de frisistyk hoecht ynearsten noch net sêd iten te wêzen oan it ferskynsel syllabisearring.

**Literatuer:**

Anderson, Stephen R.

1974 The Organization of Phonology. New York ensfh., Academic Press.

---

<sup>19</sup>It soe nijsgjirrich wêze en gean nei yn hoefier oft de yn dit artikel formulearre regels ek jildich binne foar guon net-Fryske dialekten. De antwurden fan in troch my ûnderfrege Stellingwarfske (Noordwoolde) en in Tukker (Loneker), dy't konfrontearre waarden mei ferlykbere foarms as ûnder (6) en (8), wiisden al dy kant út. In folsleiner enkête soe lykwols op syn plak wêze.



oer syllabisearring

**TAHRAKKE**

Hjirûnder folget in oersjoch fan 'e ferskillen tusken Riemersma syn en myn útspraak fan 'e syllabisearringsgefallen. Der wurdt foar safier mooglik allinnich yngong op 'e feiten, en net op 'e analyse dêrfan, al is it fansels wol sa dat men wat analyse noarich hat om 'e feiten beskriuwe te kinnen.

De ferskillen opponearje harren benammen by de n. It is faaks handich en wiis der hjir nochris op dat dy n by in stikmannich prosessen betruksen wêze kin:

- a. syllabisearring
- b. nasalearring
- c. (gewoane) assimilearring nei rjochts
- d. assimilearring nei lofts (troch my ASYL-regel neamd)

By my is it sa dat syllabisearring al of net trochgean kin. Is der syllabisearring, dan moat de ASYL-regel ferplichte tapast wurde. Is der gjin syllabisearring, dan geane gewoanwei de prosessen (b) en (c) har gong, ôfhinklik fan 'e rjochteromjouwing. Dat lêste is ek by Riemersma it gefal.

De ferskillen tusken ús hawwe twa oarsaken as achtergrûn. By Riemersma kin in syllabisearre n net allinnich nei lofts assimilearje, mar ek nei rjochts. En twads ferskille de omjouwings dêr't wy al of net yn syllabisearje.

It oersjoch fan 'e ferskillen wurdt opdield yn twa skiften:

1. Syllabisearring yn ien te syllabisearjen kloft. It tal ferskillen is hjir rillatyf beheind.
2. Syllabisearring yn twa te syllabisearjen kloften. Dêr binne just in soad ferskillen, alhoewol't se frij maklik te beskriuwen binne.

1. Syllabisearring mei ien kloft

Mei ien te syllabisearjen kloft opponearje de ferskillen har nei (heal)fokalen en net-koronale frikativen. Nei (heal)fokalen syllabisearje ik net; Riemersma syllabisearret at der net nasalearre wurde kin. At dat by him mooglik is moat de syllabisearre n him nei rjochts assimilearje.

Nei de net-koronale frikativen leit it der wat oars hinne. Ik syllabisearje dêr altyd (mar sjoch noat 8), mei tapassing fan ASYL. Riemersma syllabisearret net at der troch de omjouwing rjochts nasalearre wurde kin. In útsûndering dêrop is lykwols dat er net syllabisearret foar j, at tusken en en j gjin wurdgrins stiet. By oare rjochteromjouwings syllabisearret er ek, mar de assimilearring giet dan nei rjochts en net nei lofts, lykas by my.

Dat binne wol de wichtichste ferskillen by syllabisearring mei ien kloft. Der komme noch twa gefallen by dêr't by my gewoan syllabisearring en ASYL yn tapast wurde. It earste is dat by Riemersma ASYL tsjinholden wurdt at rjochts fan en in t of j stiet dy't fan n net skaat wurdt fan in wurdgrins. It twadde hat te krijen mei in lofteromjouwing dêr't foar in koaronale frikatyf noch in oare konsonant stiet. Yn dat gefal wurdt der net syllabisearre at der nasalearre wurde kin, en wurdt de wôl-syllabisearre n nei rjochts assimilearre.

2. Syllabisearring mei twa kloften

In tige yn 't each rinnend ferskil mei syllabisearring mei twa kloften is, dat Riemersma de earste kloft wol en ik dy net syllabisearje. De twadde kloft syllabisearje ik altyd wol, en ASYL moat dan ferplichte tapast wurde.



oer syllabisearring

- Booij, G.E.  
1977 Dutch Morphology. A Study of Word Formation in Generative Grammar. Lisse, The Peter de Ridder Press.
- Booij, G.E., Kerstens J.G. & Verkuyl, H.J.  
1975 Lexicon van de taalwetenschap. Utrecht/Antwerpen, Het Spectrum, Aula 549.
- Chomsky, Noam & Halle, Morris  
1968 The Sound Pattern of English. New York ensfh., Harper & Row.
- Gilijamse, Hans  
1980 "Affixen zijn alle +". Yn: Spektator 10, 40-9.
- Hof, J.J.  
1948 "Hjoeddeiske lûdferoaringen". Yn: De Pompebledden XIX, 127-31.
- Hooper, Joan B.  
1972 "The Syllable in Phonological Theory". Yn: Language 48, 525-40.
- Iverson, Gregory K.  
1977 "A Phonological Pseudoexception in English". Yn: Minnesota Working Papers in Linguistics an Philosophy of Language 4, 73-80.
- Kerstens, J.G. & Sturm, A.N.  
1979 "Over problemen met intuïties". Yn: De Nieuwe Taalgids 72, 449-65.
- Ladefoged, Peter  
1975 A Course in Phonetics. New York ensfh., Harcourt Brace Jovanovich.
- Marle, J. van  
1978 "De taken van het lexicon". Yn: Forum der Letteren 19, 7-19.
- Riemersma, Tr.  
1979 Sylabysjerring, Nazzeljerring, Assymyljerring. Ljouwert, Koperative Utjowerij.
- Tiersma, Piter Meijes  
1979 Aspects of the Phonology of Frisian based on the Language of Grou. Amsterdam, Vrije Universiteit, Studierichting Fries, Meidielingen 4.
- Trommelen, Mieke & Zonneveld, Wim  
1979 Inleiding in de generatieve fonologie. Muiderberg, Dick Coutinho.
- Zonneveld, Wim  
1978 A Formal Theory of Exceptions in Generative Phonology. Lisse, The Peter de Ridder Press.

oer syllabisearring

Dat patroan folget Riemersma selden, allinnich at lofts fan 'e twadde kloft in likwide stiet.

At der lofts lykwols in nasaal stiet, dan binne der gjin oerienkomsten mear. It hâlden en dragen fan en hinget by Riemersma dan ôf fan 'e rjochter omjouwing:

- a) Stiet rjochts in illemint dat nasalearring feroarsaakje kin, dan wurdt der nasalearre.
- b) Stiet rjochts in illemint dat assimilearring feroarsaakje kin, dan wurdt der assimilearre, en fierders:
  - b1) Ha de konsonanten lofts en rjochts fan en in ûngelikens artikulaasjeplak, dan wurdt der ek syllabisearre.
  - b2) By in gelikens artikulaasjeplak wurdt net syllabisearre.
- c) Yn in isolearre wurd, of foar in fokaal of h, syllabisearret Riemersma wol nei m en n, mar net nei n. Ek hjir gjin tapassing fan 'e ASYL-regel. In bytsje los fan boppesteande steane de wurden dy't de ynput foar e-epentesis foarmje kinne. By my is it sa dat at de m yn dy wurden folge wurdt troch schwa plus soanorante konsonant, dat e-epentesis dan opkeard wurdt, en de syllabisearring fan 'e twadde kloft dan ek. Riemersma lit wol e-epentesis ta en syllabisearret ek de m. De twadde kloft kin by him al of net syllabisearje en assimilearje, neffens it patroan dat hjirboppen beskreaun is.

### Zusammenfassung

Dieser aus dem Jahr 1980 stammende Aufsatz setzt sich mit den Ergebnissen von Riemersma (1979) auseinander, der in seinem Idiolekt sehr komplexe Regeln für die Syllabisierung formuliert. Es stellt sich heraus, daß in meinem Idiolekt eine Beschreibung, die sich des Konzepts der Silbengrenze bedient, zu viel einfacheren Ergebnissen führt. So kann bei mir das n mit den anderen konsonantischen Sonoranten in einer, jetzt simultan anwendbaren, Regel behandelt werden. Die Interaktion mit anderen phonologischen Regeln ist weniger komplex: in meinem Idiolekt wird das syllabisierte n mit dem linken Konsonanten assimiliert, welche Regel in einer ganz natürlichen Weise eine Reihenfolge mit Regeln wie Assimilation nach rechts und Nasalisierung bildet. Nach einer Auseinandersetzung mit der Analyse der Syllabisierung in Tiersma (1979) wird die Interaktion mit zwei anderen Regeln, e-Epenthese und r-Deletion, besprochen. Aufgrund der Syllabisierungsdaten wird für letztere Regel eine von Tiersma abweichende Lösung vorgeschlagen. Im letzten Paragraphen werden die möglichen, u.a. dialektgeographischen, Erklärungen der (im Anhang zusammengestellten) Unterschiede in den Syllabisierungsdaten von Riemersma und mir besprochen. Weil die Syllabisierungsregel anscheinend optional ist, wird weitere soziolinguistische Erforschung der Erscheinung vorgeschlagen.

